

**E-mail DFS:** [skriuwer@friesdammen.nl](mailto:skriuwer@friesdammen.nl)  
**Yinternet:** [www.friesdammen.nl](http://www.friesdammen.nl)  
**Webmaster:** Jesse Jan Boschma en Sjoerd Teake Kooistra  
[st.kooistra@hotmail.com](mailto:st.kooistra@hotmail.com)

**Damklups:**

- ◆ **“Nocht&Kriich”** Aldegea-SWF, F.Groenveld, Riperwei 6,  
8623 XH De Jutryp 0515 - 424517  
[groenveldf@hotmail.com](mailto:groenveldf@hotmail.com)
- ◆ **“De Skyfkes”** Blauhús, L. Altena, Arkumerleane 4,  
8764 PP Dedgum, 0515 - 579011  
[jantsje.leo@kpnmail.nl](mailto:jantsje.leo@kpnmail.nl)
- ◆ **“Stryk Op”** De Gaastmar, S.Attema, Hellingpaed 26,  
8611 JR De Gaastmar, 0515 - 469704  
[shatterma@hotmail.com](mailto:shatterma@hotmail.com)
- ◆ **“Hallum”** Harmen van der Meer, Luniastate 15,  
9074 MC Hallum, 0518 - 431003  
[harmenvandermeer@hotmail.com](mailto:harmenvandermeer@hotmail.com)
- ◆ **“Hartwert e.o.”** Klaas Abma. Kloosterweg 12,  
8741 KB Hartwert. 0515 - 569747  
[damkluphartwert@live.nl](mailto:damkluphartwert@live.nl)
- ◆ **“De Rûge Wolf”** Lollum, L.Westra, Waaksenserwei 2,  
8823 SX Lollum, 0517 - 469245  
[liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl)
- ◆ **“O.K.K.” Jorwert** S.Dijk, Sluytermanwei 12-14,  
9023 AB Jorwert, 058 - 2519992  
[siebrendyk@gmail.com](mailto:siebrendyk@gmail.com)
- ◆ **“De Stadige Strikers”** Skearnegoutum, Bauke Bos, Heemstrastrjitte 20,  
8521 KH Sint Nyk 0513 - 432782  
[baukebos@home.nl](mailto:baukebos@home.nl)

**Freoneklup:**

Dammers om utens en oaren dy't by it Frysk Damjen belutsen wêze wolle,  
kinne lid wurde fan de Freoneklup.

It ledejild is € 15,-, foar lju út it bûtelân € 20,-.

Men hat it rjocht om oan alle wedstriden diel te nimmen en kriget it Bûnsblêd.

# OER ALLES FERSKYNT TRIJE KEAR YN IT JIER ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÛN FRYSK SPUL

37 ste jiergong

nûmer 2

febrewaris 2016

**Einredaksje:** Alie Cnossen en Folkert Groenveld

Alie Cnossen, Hoytemadyk 16, 8614 AR Aldegea-SWF  
Till. 06 – 24 62 89 86 mail: [aliecnossen84@hotmail.com](mailto:aliecnossen84@hotmail.com)

Folkert Groenveld, Riperwei 6, 8623 XH De Jutryp  
Till. 0515 – 42 45 17 mail: [groenveldf@hotmail.com](mailto:groenveldf@hotmail.com)

**Lêzersjild:** fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.  
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

## **Betelling en administraasje:**

Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert

IBAN NL40RABO 034.95.02.072

ûnder fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it bûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

## **Bestjoer.**

- Foarsitter: Liuwe Westra, Waaksenserwei 2, 8823 SX Lollum  
[liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl) 0517-469245
- Skriuwer: Siebren Dyk, Sluytermanwei 12-14, 9023 AB Jorwert.  
[siebrendyk@gmail.com](mailto:siebrendyk@gmail.com) 058-2519992
- Ponghâlder: Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21,  
8734 GD Easterein, [wiersmafedde@gmail.com](mailto:wiersmafedde@gmail.com) 0515-332401
- Ferskate kommisjes

## **FAN DE REDAKSJE**

*(Folkert Groenveld)*

Yn dit nûmer omtinken oan de aktiviteiten fan de Stifting WFD, World Championship Frisian Draughts. Liuwe Westra en Marten Walinga sette fan alles op priemmen: de útstalling yn Tresoar oer it damjen, ferskate wedstriden Frysk ek yn it bûtenlân en yn maart it Fryslân Open te Frjentsjer. De Fryslânkup, organisearre troch De Skyfkes fan Blauhús, is in grut sukses. Op 8 april ferspylje de twa winners fan de partijen Jelle Wiersma-Tjerk Wijbinga en de 'broederstrijd' Teake Kooistra-Cor Kooistra de finale. Yn dit nûmer analyses fan de kwartfinale. En fansels ek ferslagen fan de reguliere toernooien.

## **WOMMELSER WIERSMA STERKSTE FAN LITTENSERADIEL**

*(Siebren Dijk)*

Jorwert - Hoewol't it troch de Jorwerter damklup OKK organisearre Iepen Kampioenskip fan Littenseradiel wat minder dammers luts as wol west hat, wie de heechste groep noch altyd sterk beset. Wat te tinken fan Jelle Wiersma (Wommels), Foeke Tiemensma (Frjentsjer), Folkert Groenveld (Jutryp) en Tsjerk Wijbinga (Arum)? Sy waarden oanfolle mei de dochs ek net mislike Bauke Dijkstra fan De Tynje, èn de klupfavoryt Rinze Schukken (Hilaard). De lêste oppenearret him spitigernôch nea yn persoanlike kampioenskippen, mar hy bliek op dit nivo dochs ridlik meikomme te kinnen. Wiersma wie úteinliks it sterkste.

It toernoai spile him ôf op de tiisdeitejûnen 3 en 10 novimber. De opset is sa dat de dielnimmers twa partijen op ien jûn spylje, mei it moaie tuskenbeidentempo fan 45 minuten op 'e klok. Nei de earste jûn stiene Wiersma en Tiemensma boppeoan mei twa punten. Beide mannen wûnen fan Bauke Dijkstra, wylst Wiersma te sterk wie foar Folkert Groenveld (oars wol yn in kranksinnich komplekse partij!), en Tiemensma de risiko's fan Wijbinga ôfstrafte.

It Switsersk systeem skreau foar dat de Wommelser it yn 'e tredde omloop tsjin de Frjentsjerter opnimme moast. Dêr kaam Wiersma as oerwinner út te foarskyn. Syn lêste pot tsjin Schukken smiet dêrnei net al te folle swierrichheden mear op, dat hy mocht syn namme yn de kampioensbeker gravearje litte, en as beleaning ek nochris in rynsk fleispakket yn ûntfangst nimme. Tiemensma hie yn syn lêste partij noch

in lestige tsjinstanner yn Folkert Groenveld, mar hy bleau baas, en easke dêrmei dus terjochte it twadde plak op. Groenveld sels bleau op it tredde plak stean. Tanksij it Sonnema Bearenburch-systeem waard Rinze Schukken úteinliks fertsjinstlik fjirde. Tsjerk Wijbinga hie syn tiisdeitejûnen net hielendal: mei mar ien punt einige er op it foarlêste plak.

De twadde en tredde groep, dy't elk fiif dielnimmers hiene, spilen troch elkoar. De Jorwerter Harry Kaspers wûn as iennichste alle partijen, en wûn dus ek de twadde groep, op grutte ôfstân fan good old Bonne Hylkema (ek Jorwert), dy't net fierder kaam as treddeheal punt. It opmerklike wie dat er dêrmei efterbleau by de beide heechsten yn 'e tredde groep, Paul Borghaerts fan Easterein en Fokke Looijenga, dy't beide op trije punten útkamen. De Weidumer luts úteinliks tanksij in wat better SB oan 'e langste ein.

**Einstannen kampioensgroep:** J. Wiersma 4 punten, F. Tiemensma 3, F. Groenveld 2, R. Schukken 1,5, Tj. Wijbinga 1 en B. Dijkstra 0,5.

**Twadde groep:** H. Kaspers 4, B. Hylkema 2,5, S. Dyk 2, J. Nauta 1,5 en D. Namminga 1.

**Tredde groep:** F. Looijenga 3, P. Borghaerts 3, M. van den Bogaard 2, G.J. van Kamp 1 en J. Keuning 0.



## WEDSTRIIDLIST DAMBÛN FRYSK SPUL 2015-2016

6-2	1-e en 2-e omloop P.K. 10.00	It Centrum Boalsert Gasthuissingel 33
9-2	trede omloop P.K. 19.30	Wapen van Baarderadeel, Jorwert
13-2	4-e en 5-e omloop P.K. 10.00	It Swettehûs Skearnegoutum
...-2	Foarronde p.k. jeugd en pupillen	Oanfang 13.30 ynformaasje by Liuwe Westra
20-2 Z	Finale P.K. manlju, kampioenskip froulju	It Joo, Aldegea 10 oere ek finale jeugd en pupillen
5-3 Z	Lollum efter de grifformeerde tsjerke. Oanfang 10:00 oere	Opjaan bij Marten Walinga <a href="mailto:martenwalinga@hotmail.com">martenwalinga@hotmail.com</a> till. 06-34561133
11-3 Z	Fluchdamkampioenskip neffens Switsersk systeem	It Swettehûs, Skearnegoutum, 19.15 oere Opjaan net nedich.
15-18 maart	Fryslan Open	<a href="http://www.frisiandraughts.com">www.frisiandraughts.com</a>
18-19 maart	Grutmastertoernoai en WK FRYSK	<a href="http://www.frisiandraughts.com">www.frisiandraughts.com</a>
12-4	Aldereinparty 55+ yn Teatskehûs Blauhús	opjaan by Piet Sikma till. 0515-569561 foar tiisdei, oanfang 13.30 oere

Foar fragen, skilje Liuwe Westra 0517-469245 of meel  
[voorzitter@friesdammen.nl](mailto:voorzitter@friesdammen.nl) Opjaan wedstriden jeugd, en pupillen ek by  
[liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl) Z : telt mei foar de Zilwo Beker

## ZAMMA, DAMAS, DAMJE!

(Folkert Groenveld)

Tresoar yn Ljouwert is de Nederlânske 'steunpuntbibliotheek' op it mêd fan tinksporten. Freed 13 novimber wie de iepening fan 'e útstalling "Zamma, damas, damje! It ferhaal fan it damjen yn Fryslân en de wrâld".



Damjen mei kemielekeutels yn it sân fan 'e Sahara en Frysk damjen wrâldwiid: dat binne de twa utersten fan 'e skiednis fan it ynternasjonale damspul. Op Tresoar binne de hichtepunten fan 'e ieuwenlange skiednis te bewûnderjen. It âldste diagram, ûntdutsen yn in 13de-ieusk handskrift út Parys, wurdt foar it earst toand oan it publyk.



It âldste damboerd fan 'e wrâld mei 100 fjilden is yn it echt te sjen. De âldste dammersprizen, de âldste boarnen foar it ûntstean fan it ynternasjonale spul, en de rol fan Fryslân yn 'e skiednis dêrfan, it is allegear fan ieu ta ieu te folgjen.

De mooglikheden om op in app Frysk te damjen wurde demonstrearre. Ek wurdt it earste nijs bekendmakke oer

de rol fan Fryslân op it wrâlddamteniel fan 'e takomst. Deputearre Sietske Poepjes, ûnder oare portefûljehâlder foar kultuer en KH2018, is ree fûn de útstalling te iepenjen. Dat barde ûnder belangstelling fan in protte Frysk dammers, mar ik in soad minsken út de wrâld fan oare tinksporten. Jim sjogge Sietske Poepjes mei Liuwe Westra en Marten Walinga, dy't de útstalling organisearre ha.



Hjirnjonken sjogge jim in hânskrift dat wol mear as acht hûndert jier âld is. It diagram is in 64 fjilden boerd. Foar ús in skaakboerd, mar op in protte plakken yn 'e wrâld wurdt dêrop damd. Doe ek al.


No folget in ympresje fan de útstalling



Safolle lannen en hast like folle damfarianten rûnom.



It âldste damboerd fan Nederlân.



Mei sa'n molenspul efterop: in boerd út Fryslân.





In ferskaat oan âlde Fryske dambuorden




Kampioenen waarden eare mei sulveren prizen.



In pear poatsjes der ûnder en in hiel lúks damsetsje.



Zamma, damje mei kemiele keutels. Sjogge jim de Fryske slach?



**Jurjen Tolsma**  
1933 1934 1935



**Sjoerd Tigchelaar**  
1936 1937 1938 1940 1954  
1960 1967 1968 1969



**Klaas Tigchelaar**  
1939 1941 1951



**Arjen de Haan**  
1942 1943 1944 1949 1961



**Fokke Fokkema**  
1946 1953 1952 1963



**Willem Bakker**  
1947 1957 1964 1975 1985



**Jacob Couperus**  
1948



**Willem de Vries**  
1950 1952



**Dirk de Vries**  
1955 1959 1965 1966 1972  
1958 1970 1992 1995 1997



**Augustinus van der Goot**  
1971 1976 1977 1979 1980  
1981 1982 1983 1988 1989  
1993 1994



**Hiele Walinga**  
1973 1974 1978 1984



**Taeke Kooistra**  
1986 1987 1991 1996 1998  
1999 2002 2003 2004 2005  
2006 2009 2010 2011 2012  
2014 2015



**Johannes Hijma**  
1990



**Marten Walinga**  
2000



**Jelle Wiersma**  
2001 2007 2013

Alle kampioenen fan ús moaie Fryske Spul

## RÛZIGE SENIOARENDAMMERIJ YN BLAUHÚS

(Siebren Dijk)

Sechstsjin âldere dammers wiene op 24 novimber nei Blauhús tein foar de twadde senioarepartij fan dit jier. It waar wie rûzich, wyn en rein giselen tsjin 'e ruten. Dat wie ek te fernimmen op 'e buorden, dêr't de houtsjes soms mei fjouwer of mear tagelyk fan ôf fleagen. Mar de geselligheid wie der net minder om, en de dammers waarden yn it Teatskehûs wer let en set mei kofje of tee en koeke.

De start wie om healwei twaen, en om fiif oere koe organisator Piet Sikma de neifolgjende einstannen notearje:

**Groep 1:** Sjoerd Jan Bakker 2,5 punten; Sjoerd Couperus 2; Kees Tijssen 1,5; Cor Kooistra 0.

**Groep 2:** Gerrit Schilstra 2,5; Bauke Dijkstra 1,5; Sjouke Schilstra 1; Klaas Wiersma 1.

**Groep 3:** Piet Sikma 3; Rients Wijnia 2; Beke Haanstra 1; Minne Posthuma 0.

**Groep 4:** Sietse Sieswerda 2; Siebren de Jong 1,5; Jan Nauta 1,5; Gertjan van Kamp 0.



## **FRYSK** (Folkert Groenveld)

Hieltiden faker komt it nije einspul Frysk damjen op de buorden.  
By 'Frysk' steane der fiif houten op it boerd, op de ûnderste rige.



Benammen de Stifting WFD (World Championship Frisian Draughts), oansletten by it Dambûn Frysk Spul, is hjir mei yn it spier. Marten Walinga en Liuwe Westra sette fan alles op priemmen. Op 10 desimber wie der yn Tresoar te Ljouwert in toernooi foar skoalbern. Mear as 50 bern rûnom út de provinsje kamen hjir op ôf. Op it alderlêst moasten Herre Klaas Ykema fan De Gaastmar en Marten Algra fan Lollum om de priis damje. It wie mûsstil en o' sa spannend. Herre sjogge jim links efter it boerd en hy wûn de Fryske titel. Dy dei waard der ek damd om it skoalkampioenskip. Winner waard 'De Gielguorde' út Lollum-Waaksens foar

'De Pipegaal' út Warkum en 'Mids de Marren' út De Gaastmar. Op 20 maart sil yn Frjentsjer it earste wrâldkampioenskip Frysk ferspille wurde. Hjirfoar wurde yn meardere lannen nasjonale kampioenskippen ferspille. It earst wie Tsjechië oan bar.



Te Praag waard op 22 desimber in toernooi ferspille. Petra Duskova wûn alle spullen en hat har sa pleatst foar 'Frjentsjer'.

Hjir stiet se mei de priis en flankearre troch Jaroslav Tichy en Lumir Gatnar.

Op de snein nei de krystdagen wie Nederlân oan bar.

Yn de moaie Gysbert Japixseal yn Tresoar waard troch benammen dammers út Fryslân fûl striden om de nasjonale titel. Present wie ek Marcel Nijman út Nijmegen. Hy hat de app 'fries dammen' makke dy't al mear as sawn tûzen kear fergees downloaden is út de app store. Nijman makket ek de app 'frysk' en dy wurdt op it heden wakker testen en sil ynkoarten ek foar elts beskikber wêze om te brûken op de smartphone as iPad.

Nei sawn omlopen stienen der twa dammers lyk boppe oan mei 5,5 punten: Foeke Tiemensma fan Frjentsjer en Folkert Groenveld út Jutryp. De earste barraazje draaide út op in kampspul yn in stân fan twa tsjin twa dammen. Doe moasten sy nochris en hie Foeke mei in luzich slachje Folkert by it ear. Dat koe hy noch foar wêze, mar it einspul wie net mear te hâlden:



Foeke Tiemensma de kampioen!


## ANALYSE KWARTFINALE FRYSLÂNKUP

(Jelle Wiersma)

De Fryslânkup is al in oantal ronden op wei en yn jannewaris moasten de kwartfinales ferspille wurde. Der wiene 3 kwartfinales en Tsjerk Wybenga wie gelokkich mei it steand nûmer.

Tafal wie dat yn de lêste wike fan jannewaris de spullen ferspille waarden. Jelle Wiersma hie in túswedstriid tsjin Siebe Walinga mar omdat de oare partijen yn Aldegea SWF ferspille waarden mochten sy by hege útsûndering fan de organisaasje harren partij ek ferspylje yn Aldegea SWF.

Yn de wedstriid tusken dizze twa mannen kaam nei de iepening de folgende stân op it boerd.



Siebe mei swart is oan set.


Understrike op de wite skiif 16 fia 1-6 kin net fanwege de 33-29 en as swart earst 6\*26 slacht dan spilet wyt 39-34 en it komt net goed foar swart.

De driging 33-29 moat der út helle wurde. Siebe spile **24-30, 35\*24, 25\*23** mar Jelle komt in skiif foar fia **16-11, 1\*21, 33-28, 23\*34, 44\*24, 20\*29, 39\*26**

9-14 of 10-14 binne dan noch de ienige opsjes om net daalk in skiif efter te kommen. Mei 9-14 spilet wyt ek 33-29, 24\*33, 43\*12, 2\*22 (oars komt swart direkt efter) en dan mei 39-34 sil wyt ek in skiif winne. Dus 10-14 jout noch hoop, mar swart stiet der net goed foar.

Wyt moat syn best dwaan om dit foardiel om te setten in skiifwinst.

In oare kwartfinale waard spile tusken Willem Hoekstra (wyt) en Taeke Kooistra (swart).



Willem spile no **45-40** mei it idee om dernei mei **40-34**, **24\*44**, **43\*45** oerdwers ôf te ruiljen mar hy seach in slachje fan Taeke oer de holle. Mei **24-29**, **33\*24**, **15-20**, **24\*15**, **5\*34** ien skiif foar. En nei **50-44** fan wyt komt Taeke der ek noch moai op te stean fia **17-22**, **44\*24**, **22-28**, **32\*23**, **18\*20** en kaam fierders ek net mear yn gefaar.

Welke opsjes hie wyt dan ?

37-31, 32-27 en 50-44 kinne net troch 24-30, x, 6-11, x, 18-23, x en swart wint

35-30, 24\*35, 45\*25, 15\*35 en dan understrike mei 50-45 kin ek net.

Fia 17-22, x, 22-27, 37\*19 (mearsclach), 13\*24, 25\*23, 16-21, 26\*17, 7\*27, 32\*21, 12-18, 23\*12, 8\*28 en swart stiet 2 skiiven foar !

32-28 of 33-28 bliuwe dan noch oer. Sawol swart as wyt krije sa in moai dreech spul.

Jammer dat de striid sa oan it ein kaam.


De lêste kwartfinale waard spile tusken Folkert Groenveld en Cor Kooistra (wyt). Dizze partij wie tige nijsgjirrich.

De iepening ferrûn sa **1.31-26 20-25 2.37-31 14-20 3.32-27 17\*37 4.41\*32 12-17 5.33-28 7-12** Folkert giet de grutte ôfruil net oan. Cor kin no yn it gat slaan fia 28-23, 19\*37, 47\*7 mar docht dit net. Je krije dan in hiel apart spul. Nei **6. 31-27 17\*37 7. 32\*41 19-24 8.34\*14 10\*19 9.28-23 18\*29 10.26-21 16\*27 11.35-30 25\*34 12.39\*26** is alle driging derút.

Nei in moai middenspul kaam de folgende stân op it boerd.

Folkert is oan set. Sa op it earste stuit liket dat swart better stiet. Skiif 17 hâld skiif 31 tsjin. Dus it moat gebeure op linkerflank fan swart.





De partij ferrûn as folgt **42. ... 20-24 43. 44-39 20-24 44. 35\*24 25\*23** en Cor ruilet ôf **45.31-27 17\*37 46.39-33 23\*43 47.49\*36** en it is kamp.


Beide mannen hiene net safolle tiid mear en dat wie wol jammer by dit moaie einspûl. Fansels hie it oars kinnen. Better foar Cor wie allinnich 39-33 spylje sunder earst 31-27 derby te ruiljen.

45.39-33 23\*43 46.49\*36 dan komt swart hoe dan ek as earste oan en hat wyt goeie kâns om te winnen.

Nei 20-24 hie Folkert wie de ôfruil eins ferplichte.

Yn de diagramstân wie 4-9 misskien better mar fia 44-40, 9-14, 49-44, 20-24, 40-34 14-20, 34\*14, 20\*9, 44-40, 9-14 en dan 35-30, 25\*34, 40\*29 en swart komt wer oan.

Der moast dus in barraazje komme. Sa as de regels oanjouwe is dit in spultsje Frysk oftewol 5 tsjin 5. Folkert no mei de wite skiiven en Cor mei de swarte. De folgende stân kaam op it boerd en de party ferrûn



sa **1. 40-35 10-14 2.47-42 22-28 3.30-25 19-23 4.49-44 23-29 5.42-37 14-20 6.25\*14 4\*24 7. 44-40 11-17** en Folkert komt oan en ferliest de partij sadat Cor troch is nei de heale finale.

It moaie oan Frysk is dast direkt yn in lykweardoch einspûl komst en dast it sels goed opbouwe moast. Foar Folkert slagge dit diz' kear spitigernôch net.

## IT KOE NET, MAR IT BARDE AL

(Bauke Bos)

De klupkampioenskippen yn Easterein rûnen foar de Stadige Strikers ferrassend ôf, of better sein, se begûnen ek ferrassend, oftewol it hiele kampioenskip wie ferrassend. De earste omloop moast it earste tsjin Hartwert, de klup, wêr't se yn de ûnderlinge freonskiplike striid noch mei 7-3 ferlearen. Earst stiene de Strikers mei 4-2 efter en it like der op dat Hartwert der mei de winst fan troch gean soe, mar it wie oars. It sande spul waard wûn troch in moai stantsje en Hartwert hie oan kamp genôch



(Folkert Groenveld fan “Nocht&Kriich” om dizze omloop te winnen, docht de earste set tsjin Foeke Striker Cor Kooistra wist dat er Tiemensma fan “De Rûge Wolf”) winne moast en syn lok wie dat tsjinstanner Bokke Nijdam hast troch syn tiid hinne wie en ek winne woe. De flage fan syn klok foel op it selde momint dat er de winst pakke soe, mar de klok jout dan de trochslach en Cor wûn syn spul wêrmei de stân 4-4 waard. Lollum- Waaksens hie de earste omloop wûn mei  $5 \frac{1}{2} - 2 \frac{1}{2}$ . De twadde omloop tsjin Aldegea waard wûn mei  $5 \frac{1}{2} - 2 \frac{1}{2}$  en trochdat Hartwert ek mei  $5 \frac{1}{2} - 2 \frac{1}{2}$  wûn fan Lollum-Waaksens stiene beide klups lyk wat boerdpunten betreft. De lêste omloop moast de beslissing bringe. De Strikers dy't al út wiene waarden al drokker en senuweftiger want it lot foar harren geunstich út te fallen. Doe't bliek dat Hartwert mei 5-3 wûn fan Aldegea en de Strikers mei mar leafst 7-1 wûnen fan Lollum-Waaksens wiende de Strikers al hielendal út 'e skroeven'. En doe't se de measte boerdpunten hiene mei  $16 \frac{1}{2}$ , hiene se ek noch it Hokwerda-boerd te pakken. De feestfreugde waard hielendal grut doe't bliek dat it twadde achttal ek kampioen wie yn 'e tredde klasse en it it oare jier wer ris in groep heger besykje mei. De moandeis waard it fierd mei gebak en waard der noch fleurich neipraat oer it twadde klupkampioenskip neidat yn 2009 it earste kampioenskip helle waard.

**Utslaggen en einstannen** (mei tusken heakjes de buordpunten):

**Kampioensklasse:** Aldegea SWF - Lollum-Waaksens 2,5-5,5, Hartwert - Skearnegoutum 4-4; Skearnegoutum - Aldegea SWF 5,5 - 2,5, Lollum-Waaksens - Hartwert 2,5-5,5; Hartwert- Aldegea SWF 5-3, Lollum-Waaksens - Skearnegoutum 1-7. Einstân: Skearnegoutum 2,5 (16,5); Hartwert 2,5 (14,5); Lollum-Waaksens 1 (9); Aldegea SWF 0 (8).

**Twadde klasse:** De Gaastmar - Jorwert 6-2, Blauwhús - Hartwert II 3-5; Hartwert II - De Gaastmar 5,5-2,5, Jorwert - Blauwhús 2-6; Blauwhús - De Gaastmar 5-3, Jorwert - Hartwert II 4-4. Einstân: Hartwert II 2,5 (14,5); Blauwhús 2 (14); De Gaastmar 1 (11,5); Jorwert 0,5 (8).

**Tredde klasse:** Aldegea SWF II - Hartwert III 4-4; Skearnegoutum II - Hartwert III 5,5-2,5; Skearnegoutum II - Aldegea SWF II 4-4. Einstân: Skearnegoutum II 1,5 (9,5); Aldegea SWF II 1 (8); Hartwert II 0,5 (6,5).



De Stadige Strikers winne harren twadde kampioenskip.  
Fan links ôf it winnende achttal Jelle Wiersma, Dicky van der Meer, Ype Boelens, Sjoerd Jan Bakker, Cor Kooistra, Harry Postma, Willem Schaap en Bauke Dijkstra

## FRYSLANKUP

(Jappie de Jong)

Foar de 1<sup>e</sup> Fryslankup wienen der 26 dammers dy't har hjirfoar oanmeld hiene. De nammen fan dizze dammers kamen yn in tichte koker en der waard lotte. Freed 30 oktober wie de primeur yn Sânfurd bij Ykema op de camping en oan Siebren Dyk de ear om de earste ronde te lotsjen. In dei nei de lotting kamen de earste e-mails al binnen mei in compliment fan dit prachtige gebeuren en inkelen fan jim kamen mei it idee fan: kinne we der net in toto oan fêst koppelje. In moai idee, massaal is hjir op reagearre en sa kin it straks wêze dat jo mei it damjen net winne kinne maar dat je mei de toto wol in priis winne. Undertusken binne der trije ronden ferspille en is der lotte foar de heale finale. Siebe Walinga helle de kokers út de amer en dat levere de folgjende partijen op.

Teake Kooistra – Cor Kooistra.  
Jelle Wiersma – Tjerk Wijbinga.

De finale wurd ferspille op 8 april yn clubhús Siesa te Blauhús.  
It hielle gebeuren fan de Fryslânkup kinne jo lêze op [www.deskyfkes.nl](http://www.deskyfkes.nl).

Foto fan de partij  
Folkert Groenveld-  
Cor Kooistra.

Dizze partij einige  
yn in remise dus  
folge it spultsje  
Frysk (5 tsjin 5  
houtsjes) mei  
beiden 10 minuten  
op de klok. Sjoch  
foto.



Uteinlik koe Cor Kooistra as winner nei de heale finale.

# Tweede Internationaal damtoernooi Fryslân Open 2016 en Zevende Grutmastertoernooi



Kwalificatietoernooi FRYSK!  
Wereldkampioenschap FRYSK!

FRANEKER, 15-20 maart 2016

## ORGANISATIE:

Stichting WFD, KVK: 60200235, Bank: NL18RABO 0300021216  
Waaksenserwei 2, 8823 SX Lollum, Fryslân, Nederland, +31 517-469245

## DATA en LOCATIES:

15 maart: Opening in De Bogt fen Guné  
16-18 maart: Fryslân Open 2016 op de klippers *Panta Rhei* en *Elizabeth*  
18-19 maart: Grutmastertoernooi en Kwalificatietoernooi FRYSK! in het Raadhuis  
20 maart: Wereldkampioenschap FRYSK! in het Raadhuis

## DEELNEMERS:

Fryslân Open 2016: 50 (maximaal) waarvan 25 van de Dambond Fries Spel  
Grutmastertoernooi: 8 winnaars van FO-2016 waarvan 4 van de Dambond Fries Spel  
Kwalificatietoernooi FRYSK!: 80 (maximaal)  
Wereldkampioenschap FRYSK!: 16; 8 spelers van het Grutmastertoernooi en 8 uit de kwalificatietoernooien

## PRIJZENGELD:

Fryslân Open / Grutmasters: € 5.000,- (bij 50 deelnemers)  
Kwalificatietoernooi FRYSK!: € 500,-  
Wereldkampioenschap FRYSK!: € 2.000,-

## TOERNOOISCHEMA en SPEELWIJZE:

Fryslân Open 2016: 40' + 20", 8 ronden Swiss  
Grutmastertoernooi 2016 (2 x 4 spelers): 90' + 30", 3 ronden  
Kwalificatietoernooi FRYSK!: 10' + 10", 8 ronden Swiss  
Wereldkampioenschap FRYSK!: 10' + 10", 7 ronden Swiss

Alle toernooien worden gespeeld volgens de officiële spelregels van het Friese spel, zoals vastgelegd door de Dambond Fries Spel. Het Fryslân Open 2016 en het Grutmastertoernooi worden op de klassieke manier gespeeld, de toernooien FRYSK! worden gespeeld met vijf schijven per speler.

## INSCHRIJVING en INSCHRIJFGELD:

Inschrijven bij [liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl) voor 1 maart 2016 o.v.v.  
Naam, adres, nationaliteit en geboortedatum, telefoonnummer en e-mailadres

Fryslân Open 2016: € 50,- / € 70,- (incl. 4 x lunch) / € 100,- (incl. 4 x lunch en 4 x diner).  
Voor spelers van buiten Fryslân is dit inclusief overnachtingen en ontbijt.  
Kwalificatietoernooi FRYSK!: € 10,- (gratis voor deelnemers van het FO-2016)

[www.friandraughts.com](http://www.friandraughts.com)

[www.frysk.info](http://www.frysk.info)

# Tweede Internationaal damtoernooi Fryslân Open 2016 en Zevende Grutmastertoernooi



Kwalificatietoernooi FRYSK!  
Wereldkampioenschap FRYSK!

FRANEKER, 15-20 maart 2016

## PROGRAMMA:

### Dinsdag 15 maart, Bogt fen Guné, 20.00 u.

- Welkom
- Controleren van de spelerslijst
- Officiële loting door Notaris Gj. Van der Hem
- Meet & Greet met medewerking van shantykoor Sterk Spul

### Woensdag 16 maart, klippers *Panta Rhei* en *Elizabeth*:

9.15 u.	Ontvangst
9.30 u.	Officiële opening van het toernooi
10.00-12.00 u.	Ronde I
13.00-15.00 u.	Ronde II
15.30-17.30 u.	Ronde III
19.00 u.	Diner

### Donderdag 17 maart, klippers *Panta Rhei* en *Elizabeth*:

9.30 u.	Ontvangst
10.00-12.00 u.	Ronde IV
13.00-15.00 u.	Ronde V
15.30-17.30 u.	Ronde VI
19.00 u.	Diner
20.00 u.	Sponsoravond m.m.v. Syb van der Ploeg en Wiebe Kaspers

### Vrijdag 18 maart, klippers *Panta Rhei* en *Elizabeth*, en raadhuis:

9.30 u.	Ontvangst
10.00-13.00 u.	Ronde VII
13.00-15.00 u.	Ronde VIII
15.30-17.30 u.	Eventuele barrage
18.00 u.	Diner
19.00 u.	Ontvangst in het Raadhuis
19.30-22.30 u.	Ronde I van het Grutmastertoernooi

### Zaterdag 19 maart, Raadhuis:

10.00 u.	Ontvangst
10.00-13.00 u.	Ronde II van het Grutmastertoernooi
13.30-16.30 u.	Ronde III van het Grutmastertoernooi
11.00-16.30 u.	Kwalificatietoernooi FRYSK!
17.00 u.	Prijsuitreiking: Fryslân Open 2016, Grutmastertoernooi en Kwalificatietoernooi FRYSK!
18.30 u.	Diner

### Zondag 20 maart, Raadhuis:

9.30 u.	Ontvangst
10.00-12.45 u.	Ronde I, II, III en IV van het wereldkampioenschap FRYSK!
12.45-13.45 u.	Lunch
13.45-15.45 u.	Ronde V, VI, VII van het wereldkampioenschap FRYSK!
16.00-16.40 u.	Eventuele barrage
17.00 u.	Prijsuitreiking: Wereldkampioenschap FRYSK!
17.30 u.	Slotdiner

[www.frisiandraughts.com](http://www.frisiandraughts.com)

[www.frysk.info](http://www.frysk.info)

## **Tuskenstân en útslaggen kampioenskip begjanners en pupillen** (Liuwe Westra)

Op 9 jannewaris 2016 wiene de earste foaromlopen foar begjanners en pupillen. Der wiene fjouwer begjanners: Tessa Homminga en Eelco de Wolff út Blauhús, en Britt Joustra en Watze Anne Postma fan Lollum-Waaksens. Alle fjouwer hawwe seis kear spile, twa kear tsjin de oare trije. De útslaggen wiene:

Britt - Tessa: 0-1; Watze Anne - Eelco: 0-1

Eelco - Britt: 1-0; Tessa - Watze Anne: 1-0

Britt - Watze Anne: 1-0; Tessa - Eelco: 0-1

Tessa - Britt: 1-0; Eelco - Watze Anne: 1-0

Britt - Eelco: 0-1; Watze Anne - Tessa: 0-1

Watze Anne - Britt: 0-1; Eelco - Tessa: 1-0

Alle fjouwer begjanners hawwe harren pleatst foar de finale op sneon 20 febrewaris yn Aldegea.

Mei de pupillen wiene der fjirtjin dielnimmers: Wiebren Ykema (De Gaastmar), Marrit de Jong, Nynke Brouwer, Jurgen Popma, Marije Frankena, Silke Homminga, Jan Yeme de Wolff (Blauhús), Marten Algra, Siward Walinga, Hielke Watze van der Gaast, Liuwe Meint Postma, Harmen Jacob Postma, Gonnie Schilstra, Klasina van der Gaast (Lollum-Waaksens)

Om reden fan romtegebrek folget no allinne de einstân nai 12 omlopen.

Marten Algra: 10 punten

Klasina van der Gaast: 9½ punt

Liuwe Meint Postma: 9 punten

Wiebren Ykema, Harmen Jacob Postma en Nynke Brouwer: 8 punten

Jan Yeme de Wolff: 7½ punt

Marrit de Jong en Marije Frankena: 7 punten

Jurgen Popma: 4½ punt

Silke Homminga: 3½ punt

Siward Walinga, Hielke Watze van der Gaast, Gonnie Schilstra: 3 punten

Omdat der acht finaleplakken binne, moasten Marrit en Marije noch in kear in wedstryd, dy't wûn waard troch Marije.

Op sneon 20 febrewaris, tagelyk mei de finale fan 'e persoanlike kampioenskippen, fine ek de finales plak. Dat wurde dus wedstriden foar de fjouwer begjanners, foar acht pupillen en foar in tal jeugdammers dat noch net alhiel wis is. Tenei mear!

## **IT HAT MY OANT HJOEDDEDEI DWAANDE HÂLDEN**

It gie derom, in oantal jierren lyn op de Gaastmar. Der waarden twa partijen spile yn it kader fan de persoanlike kampioenskippen. Yn de partij tusken Harmen van der Meer en Jouke Algra stie de flagge fan de lêste hast op wippen. Der wiene noch gjin 45 setten dien en dus moast der noch notearre wurde. Algra sette allinne mar streepkes. As foarsitter, waard ik frege derby te stean. Harmen sei neat en ik ek net. Ik tocht: "De partij is dochs út. Harmen hat it altiten wûn" Mar dat barde net..Jo sitte as dielnimmer oan it toernoai en as belanghawwende fansels al wat yn in bysûndere situaasje as jo dan as ferfangende wedstrydlieder optrede moatte. Lykwols fyn ik dat it net goed gien is. Oant de dei fan no sit it my dwers dat ik net yn gripte.

Mei de klupkampioenskippen tocht ik wer wat sterker oan it foarfal op 'e Gaastmar. Nei myn earste partij kamen der ferskate dammers op my ôf om te sizzen dat myn tsjinstanner net neffens de regleminten hannele hie. "Wy ha it allegearre sjoen!" sa seinen se. Se seagen dat de man, folslein yn tiidneed mei de iene hân struts en mei de oare de klok betsjinne. En dat mei net. Dat wist ik fansels ek wol en ik seach dat ek, mar sei der neat fan. Dat hie fansels kinnen, mar ik die it net. De wedstriidlieding seach it ek, mar dy sei ek neat. En dêr wol ik it oer ha.

Wat binne de plichten fan de wedstriidlieder. Dêr giet it om! Moat hy yngripe as der ûnregelmjittige saken barre of moat er dat net en it gewoan oerlitte oan de dammers. Sels fyn ik it earste:Yngripe dus! Dat hie ik safolle jier lyn ek dwaan moatten. Doe't yn de bewuste partij yn Easterein de flagge foel, doe oppenearre ik my wol troch te sizzen dat de partij út wie. As ik dat no net sein hie, omdat ik net op de klok letten hie bygelyks en de tsjinstanner hie dy twa lêste setten foar de winst noch dien.Wat dan? Safolle jier lyn hat dit probleem alris op de jierfergadering west en doe waard der sein, dat as de flagge falt dan is de partij út en mei elk dat sizze. Ik fyn dat de wedstrydlieder yn sa'n gefal it foartou nimme moat. Hy moat dan sizze de partij is út. It prima opstelde wedstyd en spulreglemint jout hjiryngjin klip en klare dúdlikheid. Yn in ekstra taheakke soenen de rigels foar de wedstriidlieder beskreaun wurde moatte.

**CK**